

# STONG

## JUNIOR

### Lesbrief - Trendklean



#### IKC St. Jozef, Lemmer - Trendklean

Oh myn klean in twadde kâns jaan  
jout my echt in super goed gefoel  
foar ús wrâld  
en miskien set ik no in trend yn  
dat is myn doel

om de safolle tiid dan gean ik mei ús mem op reis  
dan moat ik winkel yn en winkel út wer foar wat nijs,  
mar al dy nije klean dat jout my net in goed gefoel.  
myn klean in twadde kâns jaan, dat is pas super cool

#### Refrein

Oh myn klean in twadde kâns jaan  
jout my echt in super goed gefoel  
foar ús wrâld en miskien set ik no in trend yn  
dat is myn doel

myn lange broek is no ynienen in koarte broek  
en ik hâld sels ekstra jild oer  
elkenien seit 'hey wat tûk'  
ik fiel dat dizze trend him as in oaljeplak ferspried  
en elkenien dy bellet, hey hasto it ek oan tiid

#### Refrein

Oh myn klean in twadde kâns jaan  
jout my echt in super goed gefoel  
foar ús wrâld en miskien set ik no in trend yn  
dat is myn doel

#### Solo - instrumentaal

#### Spoken word

Hey, miskien hast wol in lange broek yn 'e kast lizzen  
in gat yn 'e knibbel, en dochst him dêrom nooit wer oan  
knip dan it ûnderste stik fan 'e broek ôf  
sla him in kear om en doch him oan  
en wa wit setsto dan persoanlik dyn eigen trend yn

#### Refrein

Oh myn klean in twadde kâns jaan  
jout my echt in super goed gefoel  
foar de wrâld en miskien set ik no in trend yn  
foar de wrâld en miskien set ik no in trend yn  
dat is myn doel

# Aktiviteit 1: Filosofearje oer it nûmer

## Groepsopdracht (lústerje en prate)



Mei de hiele groep sille jimme filosofearje oer it nûmer Trendklean.  
Brûk dêrfoar de fragen dy't hjirûnder steane en gean mei-inoar yn diskusje.

### FILOSOFYSKE FRAGEN:

Wat asto gjin nije klean mear keapje meist?  
Bin twaddehâns klean altyd duorsom?  
Binne klean fan recyclede produkten twaddehâns?

Hoefolle klean hasto eins noadich.

Wat is filosofearjen, hoe dogge je dat?

Filosofearje is mei-inoar neitinke oer spesjale fragen dêr't gjin goede antwurden op besteane. Foar dy filosofyske fragen is dus gjin antwurdeboekje. Mar jimme kinne wol besykje om mei-inoar ta in antwurd te kommen. Doch dat troch earst nei te tinken en antwurden te jaan mei arguminten. Dat betsjut dat jim net allinne mei ja of nee antwurdzje, mar ek fertelle wêrom't jim dat tinke. Sa hoecht gjinien bang te wêzen om wat te sizzen, want der binne gjin ferkearde antwurden. As dat net cool is! O ja... it mei-inoar neitinken en praten giet it bêste as jim gewoan kletse, sûnder fingers en beurten. Fertel wat jim tinke en stel fragen lykas 'Wat bedoelst? Wêrom tinkst dat? Wa tinkt wat oars?'. Sa wurde jim allegearre in stikje wizer oer de wrâld. Haw wille... tink dy tûk!

# Aktiviteit 2: Wat is gelyk

Groepsopdracht (lústerje en prate)



## STAP 1:

Ferdiel de klasse yn groepen. Kinne jim groepen meitsje dy't gelyk binne?

Doch dit trije kear. Tink bygelyks oan de folgjende groepkes

- Jonges/famkes,
- Kleur eagen,
- Hobby: sport of muzyk,
- Smaak: Pizza of Pankoecken

## STAP 2:

Lit de klas sels groepkes foarmje op basis fan in oerienkomst.

De klasse kriget 10 tellen om in groepke te foarmjen.

Dêrnei hawwe se yn it groepke 2 minuten om in oerienkomst te finen.

De oare groepkes moatte riede wat de oerienkomst is.

# Aktiviteit 3: Moadeshow

Twatallen (prate)



Hâld in moadeshow mei klean dy't jim sels net mear oanhawwe.

## STAP 1:

Nim fan thús trije kleanstikken mei dy'tsto net mear oandochst, mar noch goed binne.

Watfoar klean dogge jim oan?

Watfoar aksessoires passe by jim outfit?

Wêr kinne jim dy dingen weihelje?

## STAP 2:

Jim riede de moadeshow ta yn twatallen.

Betink wat jim fertelle wolle oer de outfit.

Sykje wurden dy't de outfit goed omskriuwe:

Hoe hjitte de klean? By watfoar seizoen passe se?

Hat it model noch oare dingen meinaam dêr't wat oer sein wurde kin?

Brûk wurden dy't de outfit oanpriizgje.

De minsken yn it publyk moatte anst allegear ek sa'n outfit ha wolle.

Jim sille yn it Frysk fertelle.

Skriuw hjirûnder in koart stikje op wat jim anst fertelle sille

---

---

---

---

---

---

---

## STAP 3:

Wa fertelt wat? Oefenje dat alfêst.

Fier yn de klasse de moadeshow út en reagearje op de outfit fan in oaren.